Jiergong 11 - Maart 2011 - Nûmer 5

LINKK

Trends

WAT IS IN TRENDWATCHER?

MYN SPIKERBROEK

FOTOSHOOT NIJSTE TRENDS

KARTER MARCEL

Ynhâld

2 **Ynhâld en LinKke Saken**
Nijtsjes foar en oer skoallen

4 **Huh wat? Trendwatcher?**
Wat docht sa'n trendwatcher no eins?

5 **Soapstjer Rik**
Rik Witteveen spile yn GTST

6 **Yn de polityk**
Douwe en Welmoed: lid fan in partij

8 **Myn spikerbroek**
Wa kin sûnder dit fashion-item?

10 **LinKke Siden**
Nijs oer de stjerren

12 **Karter Marcel: in echte racer**
Marcel is Nederlânsk kampioen karten

14 **Slûchslim**
Koart ferhaal

16 **Trendshoot**
In fotoshoot troch ús fashionfotograaf

18 **Fryske technomuzyk**
Fryske techno is in trend

19 **Stripferhaal**
Makke troch Jacqueline Cuperus

20 **F-terside**
Oer games, muzyk, ynternet en films



LinKk is in tydskrift foar jongeren, dat yn in skoaljier seis kear ferskynt. It kin as selsstannich blêd lêzen wurde, mar it slút ek oan by de tema's yn de metoade Freemwurk.

Redaksje: Marrit de Schiffart
Lay-out en druk: Telenga drukkerij bv, Frjentsjer
Redaksje-adres: Cedin / Taalsintrum Frysk
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
T 088 0200 300
E linkk@cedin.nl

LinKke Saken

Hoi LinKk lêzers,

It tema fan dizze LinKk is 'Trends'. Trendwatchers sizze dat Facebook Search, biologysk iten en 3D televyzje 'hip and happening' binne yn 2011. Der binne tsjintwurdich in hiel soad minsken dy't trends sinjalearje. Sy neame harsels dus trendwatcher. Wolst witte wat in trendwatcher docht? Lês dan it artikel op side 4. Harmen Meinsma is moadefotograaf en makke spesjaal foar dizze LinKk in moadespread. Op side 16 en 17 fynst syn foto's en lêst alles oer de lêste moade.

En hasto wolris fan Conforce heard? Dat soe al moatte, want dit Fryske technotalint is populêr! De Fryske technoscene is yn opkomst en de muzyk is bûten de provinsje miskien noch wol bekender as binnen de provinsje. Heech tiid om yn 'e kunde te kommen mei ien fan dy technotalinten dus. Dat kin op side 18. Hast fragen of leuke ûnderwerpen foar LinKk? Mail dy dan nei linkk@cedin.nl. Kinst LinKk ek online lêze op linkk.tv.

Ut namme fan de redaksje,
Marrit de Schiffart
Cedin / Taalsintrum Frysk

Te koart

Op 1 jannewaris gongen de fiif gemeenten Boalsert, Nijefurd, Snits, Wûnseradiel en Wymbritseradiel op yn ien gemeente. Oeral yn 'e nije gemeente krigen de plaknammebuorden in stikker mei de namme Súdwest Fryslân. Allinne de buorden fan Snits en Boalsert krigen gjin stikker. Sneu fansels, mar de stikker paste der gewoan net op. De nammen Snits en Boalsert binne te koart en de stikker mei Súdwest Fryslân te lang. Ien gelok foar Snits en Boalsert: Súdwest Fryslân is in tydlike namme. Sadree't de definitive namme fan de gemeente bekend is, komme der yn Snits en Boalsert nije buorden. En dan te betinken dat de âlde gemeenteried fan Snits de namme Sneek Súdwest Fryslân betocht hie... dat hie hielendal net past!

In wierheid as in ko

Better de bûk te barsten as it iten bedoarn

UT 'E ALDE DOAZE

De Fryske taal hat in soad moaie wurden en siswizen. Krekt lykas by oare talen, ferdwynt troch de jierren hinne in part fan dy wurdskat. Mar yn LinKk fynst se wer werom. Swart op wyt!

Jouke núnderet in sankje en docht syn blausangen boesgroentsje oan. As er de pronk oan hat, kjimmet er syn hier en dan set er geandefoets ôf nei Femke. Jouke hat smucht op Femke. It is in tsjep frommes, hielendal net ûnsjoch. Hy wol jûn dan ek graach om har stykje.

Nûnderie: neuriën • *Sankje*: liedje
Blausangen: paarsblauwe • *Boesgroentsje*: blouse/overhemd
De pronk oan hawwe: op zijn mooist gekleed zijn
Kjimme: kammen • *Offeetje*: vertrekken
Geandefoets: te voet • *Smucht hawwe op*: verliefd zijn op
Tsjep: knap/mooi • *Frommes*: vrouwspersoon
Unsjoch: lelijk/niet mooi • *Om in faam stykje*: een meisje het hof maken

UT 'E NIJE DOAZE

In sûne taal rekket net allinne wurdskat kwyt, mar krijt der ek wurden by. Nije ûntwikkelingen freegje ommers om nije wurden. Ek de Fryske taal hat somtiden nije wurden nedich. By in fertaalwedstryd moasten dielnimmers nije Fryske wurden betinke foar Nederlânske wurden. Foar it Nederlânske wurd klimaatridder waard Griene Pier betocht. In moaie fynst, fynst ek net? Hast ek sa'n orizjineel nij Frysk wurd? Mail dy dan nei linkk@cedin.nl en wa wit fynst dyn wurd werom yn LinKk 6!

Afrika is echt wol grut...

UNTWERP SCOOTBOAT HELLET FINALE

Elke Draaijer en Erica Bosma fan Piter Jelles !mpulse yn Kollum sitte yn de finale fan de ûntwerpwedstryd 'Imagine your future... in Artcadia'. Elke en Erica makken de scootboat. De fammen fregen har ôf wat der barre soe as de seespegel omheech giet en de seediken brekke. Hoe hâlde de minsken dan droege fuotten? As oplossing betochten se de scootboat. De scootboat driuwt op lucht, mar hat ek in ynboude motor dy't rint op sinne-enerzjy. De boat is dus miljeufreonlik. Elke en Erica presintearje it ûntwerp op de lanlike finale op 13 april yn Eindhoven. As se winne, meie se mei tsien learlingen en twa dosinten in pear dagen nei Parys! Súkses froulju! Mear ynfo oer de ûntwerpwedstryd fynst op www.artcadia.com.



...dit is de scootboat dus net...

Hetse & Hotze



Tekst en ûntwerp: Andy Spoelstra en Christiaan van der Goot

LECUIRAPARIS
LEATHER&FUR EVENT



Huh wat? Trendwatcher?

Trendwatcher. It is in echt berop en der bestiet - echt wier - in oplieding foar. In trendwatcher fertsjinnet syn jild mei it foarsizzen (voorspellen) fan trends. De lêste tiid komme der hieltyd mear trendwatchers. Soest dus sizze kinne dat it in trend is om trendwatcher te wêzen…

In trend spotte, dy bekend meitsje en it jild streamt binnen. Sa simpel kin it wêze. Dochs is trendwatchen in echt fak. It is hiel lestich om in trend foar te sizzen dy't yn 'e takomst ek noch echt útkomme sil.

Mar wat docht in trendwatcher no eins presys? Om te begjinnen foarsizze se dus trends. Dy trends ferkeapje se oan grutte bedriuwen lykas Shell, Phillips en Nestlé. In trendwatcher helpt sokke bedriuwen om foarút te sjen. De slogan 'Vier-uur-Cup-a Soup, dat zouden meer mensen moeten doen' is bygelyks betocht neidat in trendwatcher sein hie dat heal wurkjend Nederlân om fjouwer oere in 'dipje' hat. De trendwatcher fertaalt trends dus eins nei ideeën foar de takomst. Tink oan sparlampen en hybride auto's. Dy binne útfûn om't trendwatchers 15 jier lyn al oankommen seagen dat minsken hieltyd miljeubewuster wurde soenen. Frjemd genôch giet it by trendwatchen dus faak net om hippe trends, mar gewoan om nije dingen dêr't minsken op in seker momint ferlet fan krije.

Wat sizze trendwatchers oer 2011? Trije trends:

1. Facebook wurdt hieltyd populêrder. Yn 2006 waard 'googelen' opnommen yn de Dikke van Dale, mar yn 2011 sil dat ek barre mei 'facebooken'. Wêrom? Facebook hat as ambysje om de nije Google te wurden. Yn 2011 sil dy trend wurklikheid wurde. Google sil hieltyd minder brûkt wurde as sykmasine. Facebook Search sil dêrfoar yn it plak komme.

2. Yn 2011 kieze wy foar bewust en sûn iten. Fabrikanten stopje minder gemyske stoffen yn iten en biologyske grienten en fleis wurde goedkeaper en populêrder. In bytsje supermerk hat in ôfdieling mei biologyske produkten.

3. De opkomst fan 3D giet fierder. Yn in soad húskeamers komt 3D-tv en 3D-gaming. Mar ek yn it gewoane libben komt 3D hieltyd mear foar, bygelyks yn de moade, technology en it ynterieur. Sa wurdt it hiel gewoan om 3D behang yn 'e keamer te hingjen.

Tekst: Marrit de Schiffart

In soad akteurs begjinne mei lytse rollen en hoopje dan op in grutte rol. De Fryske Rik Witteveen (20) die it oars, hy begûn fuort goed. Syn earste rol wie yn Het Huis Anubis, dêrnei spile er yn in Coca Cola-reklame en doe krûpte er yn de hûd fan Sil Selmhorst yn GTST.

SOAPSTJER RIK

Rik bout syn aktearkarrière hurd op. Dochs gong it net allegearre fansels, leit Rik út. 'Na de middelbare school (Comenius yn Ljouwert) en de Jeugdtheaterschool heb ik me ingeschreven bij castingbureaus en heel vaak auditie gedaan. Ik werd niet één of twee keer afgewezen, maar wel twintig keer!' Krekt as Rik oan himsels begjint te twifeljen, krijt er de rol fan Vince yn Het Huis Anubis. Foar dy rol wennet er in pear moanne yn Antwerpen. Dêr hat er in geweldige tiid.

Rik as Sil

'Daarna had ik er alle vertrouwen in dat er wel weer een rol zou komen.' En dy kaam! Yn de simmer fan 2010 spile Rik yn in reklame fan Coca Cola. 'Erg leuk, maar ook erg kort', seit Rik dêr oer. It filmke is in moanne op televyzje, mar Rik wol langer mei syn holle op televyzje. Dan bellet GTST. Fjouwer moanne spilet er Sil Selmhorst. Uteinlik fermoardet er ien yn de searje en no sit Sil yn 'e finzenis. Dêr draaie de GTST-kamera's net en dus is Rik syn rol foarby. Mar wa wit, komt er werom? Miskien ûntsnapt Sil of wurdt er frijsprutsen? Of miskien bart der in wûnder? Yn in soap is alles dochs mooglik? Rik: 'Daar mag ik natuurlijk niets over zeggen.' Hè, spitich!

BN'er

De fjouwer moannen yn GTST, hawwe in soad feroare. Sa witte castingburo's no wa't er is en wat er kin, mar ek yn de supermerk kenne se him. 'Ik woon in Amsterdam en daar zijn de meeste mensen wel gewend aan bekende Nederlanders, maar als ik in Leeuwarden ben, is het wel anders. Daar kan ik nauwelijks winkelen!'

Rabberij (roddels)

'In het begin las ik nog wel eens iets op internet, maar dat doe ik niet meer. Het is eigenlijk ook niet belangrijk wat anderen vinden. Ik vind de mening van mijn ouders echter wel belangrijk.' Wy fan LinKk wolle fansels graach witte hoe't heit en mem Witteveen foar de televyzje sieten. 'Die vonden het te gek en waren heel trots toen ik de rol kreeg. Maar als ik op televisie ben, hebben ze toch het gevoel dat ze naar mij kijken en niet naar Sil.'

Tekst: Atsje de Vries, bylde: BITS Agency

Yn de polityk

In protte jongeren fine polityk saai, sleau en slûch. Mar Douwe Cammeraat en Welmoed Konst bewize dat polityk en jongeren hiel goed tegearre geane. Beide binne santjin jier, sitte op it Marne College yn Boalsert en binne lid fan de Jonge Socialisten Fryslân (JSF). Douwe: 'Polityk giet oer saken dy't ús allegearre oangeane.'

Nei de stimbus

De lêste tiid wie der wer in protte oandacht foar de polityk yn 'e media. Dat kaam om't de ynwenners fan Nederlân op 2 maart nei de stimbus west hawwe. Se moasten stimme foar in nij bestjoer fan de provinsje. Mar hoe wurket dat no presys?

Nederlân is in demokrasy. Dat betsjut dat de bewenners dy minsken kieze dy't sy geskikt fine om it lân te bestjoeren. Alle ynwenners dy't 18 jier of âlder binne, krije automatysk in oprop om te stimmen. Der kin stimt wurde foar de gemeenteried, de Provinsjale Steaten, de twadde keamer en it Europeesk parlemint.

Op 2 maart stimde Nederlân dus foar de Provinsjale Steaten. De Provinsjale Steaten fan Fryslân foarmje de folksfertsjintwurdigers fan Fryslân. De leden fan de Provinsjale Steaten (Steateleden) wurde om de fjouwer jier keazen troch de ynwenners fan de provinsje. Der binne 43 Steateleden yn Fryslân.
De haadtaak fan de Steaten is it kontrolearjen fan de Deputearre Steaten, dy't it deistich bestjoer fan de provinsje yn hannen ha. De foarsitter fan de Steaten is de Kommissaris fan de Keninginne. Foar Fryslân is dat no John Jorritsma.

De Deputearre Steaten is it deistich bestjoer fan Fryslân. De leden, de Deputearren, wurde foar in perioade fan fjouwer jier keazen troch de Provinsjale Steaten. De foarsitter fan de Deputearre Steaten is ek wer de Kommissaris fan de Keninginne.

De Provinsjale Steaten kieze de leden fan de Earste Keamer ek. De Earste Keamer foarmet tegearre mei de Twadde Keamer it parlemint fan Nederlân. De Earste Keamer kontrolearret de foarstellen foar nije wetten dy't de Twadde Keamer makket.

Polityk? Hoe komme jim der by om dêr by te gean?

Welmoed: 'Us heit sit yn de polityk, dat by ús thús wurdt der in soad oer praat. Ek op skoalle ha wy it der wol oer, bygelyks by maatskippijlear. Ik ha in kear meidien oan in debat* op skoalle. Ik fyn dat hiel leuk om te dwaan. Doe't ik de stimwizer op ynternet die, bliek dat de PvdA it bêste by my past. Ik ha my doe oanmeld by de jongereinorganisaasje fan de PvdA, de Jonge Socialisten.
Douwe: 'Ik ha in dúdlike miening en bin altyd fel yn debatten. En ik fyn it altyd leuk om wat mei in groep te dwaan. Ik ha twivele tusken Groen Links en de PvdA. Welmoed frege my foar de JSF. Doe bin ik in kearke mei nei in gearkomste yn Ljouwert west en dêrnei bin ik lid wurden.'

** debat: in diskusje dêr't foar- en tsjinstanners in stelling ferdigenje*

Wêrom is polityk belangryk?

Douwe: 'Yn de polityk kinst ynfloed útoefenje op saken dy't elkenien oangeane. In protte minsken skelle op it regear, mar dogge fierder neat. Troch lid te wêzen fan in politike partij, kinst streekrjocht meiprate en beslisse oer ûnderwerpen dy't de maatskippij en dy oangeane.'

Wa binne jimme foarbylden?

Welmoed: 'Ik fyn dat der te min froulju yn de polityk sitte. It is noch altyd in mannesaak. Luts Jacobi út Wergea fyn ik hiel goed.'
Douwe: 'Myn grutte foarbyld is Femke Halsema. Se is spitigernôch krekt út de polityk stapt. Se speechte goed en troch har entûsjasme makke se de polityk jong.'

Wat moat der neffens jim feroarje?

Welmoed: 'De besunigings op kultuer dy't it kabinet foarstelt, moatte fan 'e baan. It soe funest wêze as dy trochgeane. It wurdt dan bygelyks folle djoerder om nei teaters en musea te gean. En it iepenbier ferfier moat fergees wurde. Minsken stappe fierstente gau en tefolle yn 'e auto, om't it goedkeap is. Al dy auto's fersmoargje it miljeu.'
Douwe: 'Duorsumens fyn ik in hiel wichtich punt dat in protte omtinken ha moat. Ik bin dus ek foar fergees reizgjen mei de trein en de bus. De fossile brânstof rekket op en is fersmoargjend. Alternative enerzjy is de takomst, mar dêr moat noch in protte ûndersyk nei dien wurde.'

Wat dochst allegearre as lid fan de JSF?

Welmoed: 'Alle wiken is der in gearkomste yn Ljouwert. Meastal by in bestjoerslid thús of yn in kafee. Wy beprate dan wat wy dwaan sille oan aksjes of ekskurzjes. Yn desimber binne wy nei Amsterdam ta west om te demonstrearjen tsjin de besunigings op kultuer.'
Douwe: 'Wy binne ek nei de kearnsintrale yn Borssele ta west mei de wurkgroep duurzaamheid fan de JSF. Der is hiel faak wat te dwaan, mar kinst net oeral oan meidwaan.'

Wolle jim letter politikus fan berop wurde?

'Dat witte wy noch net. Wy wolle earst studearje en dan sjogge wy wol fierder. Mar de belangstelling foar polityk bliuwt, dat is wis.'

Witsto...

... datst mei 14 jier al lid wurde kinst fan in politike partij?
... datst as lid fan de JSF geregeld kontakt hast mei wethâlders en leden fan de Provinsjale Steaten?
... dat hast alle politike partijen in jongereinôfdieling ha, útsein de PVV?
... datsto mear ynfo fine kinst op www.js.nl/afdelingen/friesland

Kieze foar Fryslân
2 maart 2011

Tekst en bylde: Ans Wallinga

MYN SPIKERBROEK

Al 140 jier âld, mar noch hieltyd

fashion-item nûmer 1: de spikerbroek.

Kinsto ek net sûnder spikerbroek? En hast ek in favoryt?

LinKk frege it oan seis earsteklassers fan AOC Bûtenpost.

Skiednis fan de spikerbroek

De alderearste spikerbroek waard net makke om't er sa trendy wie. Hy wie foaral handich. Yn dy broek moast nammentlik wurke wurde. It belangrykste wie dus dat it in sterke broek wie. De earste spikerbroek ferskynde yn de twadde helte fan de 19e ieu yn Amearika. Der waard doe in soad goud fûn yn Kalifornië. De goudsikers kamen oeral wei. Se woenen ryk wurde. Oan dy mannen falt jild te fertsjinjen, tocht de jonge Dútske ymmigrant Levi Strauss. Hy wie yn 1847 mei syn mem nei Amearika emigrearre. Seis jier letter begûn Strauss yn San Fransisco in fabryk yn broeken fan kanvasdoek. Spitigernôch ferkocht Strauss net in soad broeken. Dêrom besocht er wat oars: hy stapte oer op in stevigere stof, in katoensoarte út Frankryk. Offisjeel hiet de stof Serge de Nîmes, nei de Súd Frânske stêd Nîmes. De Amerikanen makken fan dy namme al gau 'denim' (spikerstof). Strauss syn earste denimbroek ferskynde yn 1873. It wie in broek mei knopen, want in rits bestie noch net. De broek hie in plaatsje op de achterkant mei twa hynders dy't besochten de twa pipen fan de Levi's út elkoar te lûken. It boadskip fan dat plaatsje: sjoch ris hoe sterk dizze broek is! Sa'n sterke broek wie fansels ideaal foar de goudsikers, dus de spikerbroek waard in hit! De hynders steane no trouwens noch hieltyd op it logo fan it spikerbroekemerk Levi's Strauss.

Tekst: Marrit de Schiffart, byld: Auke Wiersma

Rinze Huisman, 13 jier, Surhústerfean

Dizze swart/blauwe Cars Jeans is myn favorite spikerbroek. Ik fyn him sa moai, om't er grutte knopen hat en lange smelle pipen. Ik ha noch folle mear broeken, mar dy sitte net sa lekker as dizze. Ik ha dizze spikerbroek sels kocht, miskien sit er dêrom wol sa lekker.

Ik ha dizze spikerbroek al hiel lang, mar hy sit noch hieltyd lekker. Hy is perfekt: net te strak en ek net te wiid. Hy sjocht der ek hiel moai út, want der sitte allegearre ritskes oan. Ik ha noch wol mear spikerbroeken, mar dizze sit dochs it lekkerst, dat komt om't it in skinny jeans is. Ik kin der goed yn bewege en ik kin der sels yn hynderride! Dat is hiel handich, want dan hoech ik net te ferklaaien as ik hynderride sil.

Afke Bijlsma, 13 jier, Ryptsjerk

Marianne Holman, 13 jier, Ie

Myn moaiste spikerbroek is fan Cars Jeans. It is in swarte, strakke heupbroek mei op de kontbûsen diamantsjes. Op de knibbels sitte gatten, dat fyn ik moai en stoer en is hielendal myn stijl. Ik ha him faak oan, om't er sa lekker sit. Ik ha him kocht yn de Sake Store yn Dokkum.

Myn favorite merk spikerbroeken is Miss Anna. Dat komt om't dy spikerbroeken altyd sa lekker strak sitte en fansels om't myn namme ek Anna is! Ik wie mei ús mem yn Drachten te winkeljen en doe seach ik in broek mei myn namme derop. Doe tocht ik: 'Dy moat ik ha!'

Anna Vaatstra, 13 jier, Surhuzum

Jan de Boer, 13 jier, Garyp

Myn favorite spikerbroek is fan it merk G-Star. Ik fyn dy broeken it lekkerste sitten, om't se lekker leech hingje en om't it in moai model is. Dizze broek hat djippe bûsen. Dat is handich, want dêr kin ik in soad guod yn kwyt, lykas myn mobyl, jild en kaaien. G-Star broeken binne der foar jonges en famkes, mar ik fyn se net sa moai by famkes. Ik sjoch famkes it leafst simmers yn koarte rokjes!

Myn favorite jeans is donkerblau en sit lekker strak. Dat is ideaal, want dan hoechst ek gjin riem om. Ik ha dizze broek it leafst de hiele wike oan, want hy past by al myn shirtsjes. Mar ja, hy moat spitigernôch ek wolris útwosken wurde. Ik ha dizze broek al hiel lang, mar hy is noch hieltyd hip. It merk is Cars Jeans.

Anna-Margriet Loonstra, 12 jier, Surhústerfean

De trends fan it foarjier!

It sintsje hat 'm al in pear kear sjen litten, de sinnestrielen kamen troch de wolken hinne... In foarteken fan it foarjier!

En wat krije wy wer sin oan moai waar! Dêrby heart fansels in nije outfit. Wat binne no eins de trends fan 't foarjier?

Hiertrends foar froulju

De kapsels foar dizze simmer moatte sa froulik mooglik. It leafst in elegant kapsel dat by dyn persoanlikheid heart. Dêrby is it hiel wichtich dat dyn hier sûn is. It moat der fersoarge en glânzjend útsjen.
Op de catwalk sjochst hieltyd mear heal lang hier. Bobkapsels bliuwe hot. Mar ek steile kapsels mei in strakke pony meie.
Ast lang hier hast, soargje der dan foar dat der in soad folume yn sit, dat kin troch der groffe lagen yn te knippen.
De tinten dy't it measte kracht útstrielje binne brún, koper en goudtinten.
Ast dyn hier opstekke wolst, doch dat dan yn in knût of sturt dy't leech op 'e holle sit. It leafst mei in skieding op 'e side.

BLUE WAVE

Wy wisten al dat donkerblau it nije swart is. Mar dizze simmer krijt blau in nije diminsje. Swimbadblau, indigo en marine binne hearlike foarjierskleuren dêr'tst bliid fan wurdst!

EXOTIC

It is faaks net in kleur dy't elkenien stiet, mar giel is HOT! It leafst yn kombinaasje mei oare felle kleuren. It kin net gek genôch; gave prints en grutte dessins. Exotic moatst doare en gewoan dwaan!

FUTURE FLOW

Retro en vintage bliuwe, mar wy sjogge ek de high-tech trend. Into the future, en dat is neist dy âlde stijlen super ferrassend. Metallic en glâns, 3D stoffen en motiven, transparante materialen en asymmetryske lijnen.

Hiertrends foar mannen

By de mannen is der dúdlik in nije trend; hier dat út it gesicht droegen wurdt of op side kjimd is.
By in koart kapsel is it moai om it hier yn 'e nekke en boppe de earen sa koart mooglik te hawwen. It hier boppe op 'e holle mei wol wat langer bliuwe. Dat kinst lekker warrich drage.
It koarte kapsel is in stoer kapsel. Dus glimmend hier kin net mear. Net te folle waks en gel brûke.

Trends foar mannen

Fansels binne der ek trends foar mannen.
Broeken dy't op healwei achten hingje, kinne echt net mear. De broeken wurde wat heger droegen, en se binne slanker en smeller. De chino is dè broek! It leafst mei bretels!
De kleuren foar de mannen binne foaral blautinten. Blau is sawol foar de man as foar de frou dè kleur fan 2011. Foaral azuerblau en donkerblau yn kombinaasje mei wyt is in echte trend foar mannen. Mar ek turkwaze, griistinten, sânkleur en kaki.
En de neonkleuren net te ferjitten; draach dyn t-shirts yn knalgrien, oranje, read, giel! Wat heftiger, wat better!

Top 10 Foarjierstrends

Must haves!

1. Neonkleuren, lykas oranje, lime, sitroen, framboas en pears
2. Shorts
3. Jeans
4. Lange jurken
5. Platte skuon
6. Jierren '50/'60. Retro en A-lijn jurkjes
7. Hege splitten yn jurken en rokken
8. Lak
9. Hege taille broek
10. Grof iepenwurke kant

Tekst: Anna Marije Bloem

Karter Marcel: in echte racer

Gong meitsje en wedstrydspanning fynt de 14-jierrige Marcel Kleefstra út Gytsjerk it moaiste oan karten. Dat hy allebeide goed kin, bewiisde hy it ôfrûne seizoen yn de RK1 klasse. Nei seis fan de sân wedstryddagen hie Marcel al sa'n foarsprong dat de kampioenstitel him net mear ûntgean koe. Hy waard Nederlânsk kampioen.

Marcel wie 6 jier doe't hy foar it earst yn in kart ried. It wie mei in fakânsje yn Itaalje. Yn Itaalje is de auto- en motorsport hiel populêr. 'Er was een kartbaan en mijn vader kwam met het plan om een keer te gaan rijden.' Twa jier letter stelde syn heit wer foar om te karten, mar no yn Ljouwert. 'Eerst reden we met huurkarts, maar ik vond het zo leuk dat we een eigen kart kochten. Daarmee reden we elke maandagavond.'

In eigen kart keapje je net samar, want – sa seit Marcel – dat is djoer. 'Mijn eerste kart was niet zo duur, die was gewoon om rondjes mee te rijden. Nu ik ook wedstrijden race, heb ik allerlei aanpassingen nodig. Die kosten veel geld. Gelukkig heb ik een aantal sponsors.' Marcel syn heit kin boppedat ek goed sleutelje. 'Hij is mijn monteur en sleutelt altijd aan mijn kart.' De dei foar in wedstryd traint Marcel en makket syn heit de kart yn oarder. 'Het kan zijn dat de motor te weinig trekkracht of te weinig topsnelheid heeft of de grip is niet goed.' Syn heit pielt krekt sa lang oant Marcel tefreden is.

Ynhelje is moai

Marcel begûn binnendoar te karten, mar hjoed de dei riidt er allinne noch mar bûten. Krekt as by Formule 1 wedstriden is der foar de wedstryd in kwalifikaasje. Dêr wurde de begjinposysjes mei bepaald. 'Degene met het snelste rondje komt vooraan te staan en zo bouwen ze het af', fertelt Marcel. 'Zelf ben ik bij de kwalificatie nooit heel snel, ik ben meer een echte racer. Ik vind het mooi om mensen voorbij te gaan met inhaalmanoeuvres. Ik ben nooit vanaf de eerste positie gestart, maar gedurende de race rij ik wel naar voren toe, dus ik eindig wel regelmatig als eerste.' De lingte fan ien rûntsje is net op alle kartbanen gelyk, mar sit tusken de 1000 en 1300 meter.

Ynhelle wurde is net moai

De keunst fan it karten is om derfoar te soargjen datst gong hâldst. Mei safolle karts tagelyk op 'e baan, is dat soms wol dreech. Karte is ek in taktysk spultsje, want hoe soargest der no foar datst net ynhelle wurdst? 'Tijdens een rondje mag je één keer van je lijn af raken. Op het rechte eind rij je normaal links, maar dan mag je dus ook rechts. Ik zorg ervoor dat degene achter mij er niet voorbij kan door op het rechte eind rechts te rijden, zodat 'ie bij de volgende bocht aan de buitenkant zit. Dan stuur ik in en moet hij gas los laten en zit 'ie weer een paar meter achter mij.' It klinkt sa ienfâldich, mar Marcel hat fansels hiel faak oefene foardat er it koe. 'Ik weet nog goed dat ik tijdens mijn allereerste wedstrijd helemaal achteraan reed. Ik werd zelfs een paar rondjes ingehaald, maar later begon ik steeds vaker vooraan te rijden.'

Formule 1

Kommend seizoen begjint Marcel yn in nije klasse: VT250 Junioaren. 'Mijn broertje Remco gaat met mijn oude motor in de RK1 rijden en ik heb zelf een nieuwe motor.' Hoewol't karten foaral in jongessport liket te wezen, waard der foarich jier in famke Nederlânsk kampioen yn de VT250 klasse. 'Ik rijd dit jaar tegen haar. Ik ga tegen haar niet anders rijden dan tegen jongens. Ik denk dat veel meisjes karten te eng vinden vanwege de snelheid, maar dat weet ik niet zeker.' Marcel hopet sels oait yn de Formule 1 te riden, krekt lykas de Fryske wrâldkampioen Nyck de Vries út Snits.

'Ik wil later in elk geval graag iets met racen doen. Misschien is Formule 1 coureur te hoog gegrepen, maar ik wil sowieso iets op een circuit gaan doen.'

In wedstryddei fan Marcel

- Training fan 10 minuten
- Ridersynstruksje: de spulregels noch ien kear útlizze
- Kwalifikaasje: 10 minuten de baan op om it fluchste rûntsje te riden
- 2 races

Wolst op 'e hichte bliuwe fan Marcel syn prestaasjes? Op de webside kleefstra-karting.nl steane wedstrydferslagen en leuke filmkes. Kinst Marcel ek folgje op twitter: twitter.com/kleefstrakart.

Tekst: Bianca Beemer, bylde: Martin de Jong

SLUCHSLIM

It like sa'n goed plan. Alles wie goed trochpraat, mar ien ding hiene wy oer de holle sjoen.

De toetsen fan Wildeboer binne altyd hiel dreech en lang. Kinst by him fan alles ferwachtsje, behalve sommen en opdrachten dy'tst leard hast. Hy makket der in sport fan om safolle mooglik ûnfoldwaandes jaan te kinnen. Syn grutste freon is de reade korreksjepen.
En as wy fûterje (mopperen), seit er altyd sarkastysk: 'Wiskunde is niet voor watjes.'
Mar as der ien in watje is, is hy it wol. Hy slacht noch gjin dûk yn in pakje bûter.

Húswurk meitsje en toetsen leare, dogge wy altyd mei ús fjouweren. 'Us fjouweren' dat binne Roy, de twaling Arjen en Rutger en ik, sei de gek. En as wy net hoege te learen, binne wy measteniid ek byelkoar. Wy sitte yn deselde klasse, wenje yn itselde doarp en fytse dus mei ús allen nei skoalle. Mar mear noch dan dat alles, is ús hobby de grutste binende faktor. Wy binne gek op alles wat mei kompjûters te krijen hat.
Meastal, eins altyd, sitte wy by ús thús, want ik ha in moaie grutte keamer ta myn beskikking en gjin irritante broerkes of suskes dy't kliere en steure kinne. Yn myn keamer ha wy in eigen netwurk boud, mei in grutte server en allegearre in eigen unit. It moaiste fine wy om sels spultjes te meitsjen. Oeren, dagen, moannen binne wy dwaande om de saak oan te passen en te ferbetterjen.

Wy wiene dy woansdeis in oere earder út om't der wer ris in fergadering of sa wie. Dat om kertier foar twaen wiene wy al by ús thús. Myn âlden soene pas jûns let thús komme om't se nei in resepsje ta moasten. Us mem hie pizza's foar ús kocht. Dy hoegden wy allinne mar efkes yn 'e magnetron te dwaan.
Ik hie krekt wat drinken pakt, doe't Arjen sei: 'Hee, sille wy earst efkes game? Wy binne dochs in oere earder út en ik fyn dat wy it wol fertsjinne ha.' Hy hie fierder gjin wurden nedich om ús achter ús eigen skerm te krijen. As in spear fleagen wy nei myn keamer.

En doe wie it ynienen samar kertier oer tsienen... Wy skrokken fan de kaai yn it slot. Myn âlden prottelen raar. Yn de keuken wie it in gaos: it oanrjocht lei fol mei pizzadoazen, heal opiten pizzapunten en lege flessen kola. En de kat miauke as waard se smoard, want ik hie fergetten om har iten te jaan.
De oaren setten gau ôf.

De oare deis troffen wy elkoar sa as altyd om healwei achten op it krúspunt by it tankstasjon. De sfear siet der goed yn, mar net echt.
Roy ferbriek de stilte: 'Ha jim noch oan it learen west?'
'Nee, ik wie bekôf doe't ik thús kaam', gappe Rutger.
'Dy toets wurdt in ramp', ornearre ik, 'wy kinne de stof ek net mear efkes neisjen, want wy moatte fuort al oan 'e bak.'

'Jasses, ik kin gjin ûnfoldwaande mear brûke, hear. Aanst bliuw ik sitten', sei Arjen.
Mei lead yn 'e skuon setten wy ôf.
'Ik ha in idee!', rôp Roy as hie er it ljocht sjoen. 'Wy kinne fansels...'

Wy kamen in healoere te let yn it lokaal mei in te-let-kom-briefke fan de konsjerzje. Mei in gesicht as kaam er by in begraffenis wei, joech Rutger it briefke oan Wildeboer. Twa wurden ferklearren ús te let kommen: 'Lekke bân.'
'Mar moatte jimme alle fjouwer te let komme as der ien in lekke bân hat?', frege Wildeboer.
'Ja, wy litte elkoar net stikke as ien in probleem hat', wie Rutger syn reaksje, 'wy steane foar elkoar yn. Dat dogge freonen, begripe jo?'
'Wat ferfelend. No ha jim de toets misrûn', wie it kommentaar fan de dosint.
'Ja, echt hiel spitich. Soks bart altyd as je it net brûke kinne', sei ik, bliid mei safolle begryp.

Wy praten ôf dat wy de folgjende les de toets ynhelje soene. Wy wienen bliid mei ús tûke oplossing en de twadde kâns dy't wy krigen. Dy woenen wy net noch in kear op it spul sette, dus learden wy de toets net mei ús allen by ús thús. Dat soe in te grut risiko wêze.
Oeren bin ik oan it stampen en oefenjen west. Ik koe it haadstik fan foaren nei achteren en wer werom. Dit moast in dikke foldwaande wurde. It koe net oars.
By de oaren siet it ek wol snor. Goed taret en fol selsfertrouwen gongen wy nei de herkânsing.

De toets waard in desyllúzje, in dikke ôfknapper. Yn it lokaal hie Wildeboer fjouwer taffeltsjes yn in fjouwerkant setten. Wy moasten yn 'e midden mei de rêch nei elkoar ta sitte.
De twa fragen dêr't de toets út bestie wienen maklik, mar wy koene se net beäntwurdzje.

Fraach 1: Wa hie in lekke bân?
Fraach 2: Wie it de foar- of achterbân?

Tekst: Ans Wallinga

It is freedtemiddei as ik Steegenga Mode binnen stap. Yn 'e kofjehoeke sitte al trije fammen te wachtsjen. It binne Liesanna, Marjon en Kyra en sy sitte alle trije yn klasse 2 fan CSG Gaasterlân yn Balk. Hjoed sille se skitterje foar de lins fan fotograaf Harmen Meinsma.

trendshoot

Op de fraach 'oft se it ek spannend fine' seit Liesanna: 'Nee, dat falt wol ta. Ik ha der sin oan, boppedat ha ik wolris earder foar de kamera stien. Harmen is nammentlik myn neef.' De trije binne freondinnen fan elkoar en kenne Harmen dêrom ek allegearre. Se sitte gesellich oan in bakje en wachtsje ôf hokker setsjes foar harren útsocht wurde. Steegenga Mode yn Balk is in prachtige moadewinkel fan 1100m2, dêr't de nijste kolleksje al te bewûnderjen is. Dus dy shoot moat slagje! Harmen en ik binne fan doel om foar ***LinKk Trends*** de twa uterste stijlen fan it foarjier sjen te litten. Blomkes, kant en poeiertinten falle ûnder ***'Vintage & Retro'***. Powerskouders, neonkleuren en strakke lijnen hearre by ***'Future Flow'***.

Nei it passen fan de outfits binne wy derút: foar Future Flow is de nije kolleksje fan ***Dept*** poergeskikt! Foar Vintage & Retro kieze we foar ***Vero Moda***. Wy pakke de boel yn en geane nei de fotostudio fan ***Doede de Vries***. Dêr is it tiid foar de fisazjy en styling en it klearsetten fan de beljochting. En dan sil it heve: de fotoshoot troch ús fashionfotograaf!

Wy begjinne mei de groepsfoto fan de trije fammen. Se steane foar de kamera as dogge se it alle dagen en Harmen jout oanwizings foar it perfekte plaatsje. Dat wy hjir mei jong talint te krijen hawwe, is dúdlik! De modellen binne noch mar 13 jier en fotograaf Harmen is 19 jier. Harmen is in 'upcoming' fotograaf dy't wolris hiel grut wurde kin. 'Ik ha sels ek op it CSG yn Balk sitten. Myn passy foar fotografy begûn al doe't ik 13 wie, doe siet ik dus krekt as Liesanna, Marjon en Kyra ek yn 'e twadde klasse. Yn 'e fjirde rûn ik staazje by fotograaf Doede de Vries. Dêrom meie wy no ek by him de foto's meitsje.'

De fammen hawwe der lol yn, mar binne foar de kamera serieus en lústerje goed nei wat Harmen seit. Harmen is super entûsjast oer de modellen, se hawwe alle trije in bysûnder gesichtsje en wikselje hiel profesjoneel fan pose. 'Marjon is echt in topmodel, sjoch mar nei de foto! Dy kin sa yn har portfolio mei nei in modelleburo!'
De shoot wie in súkses en de trends binne dúdlik yn byld brocht. Mar wat fine jim fan de nijste trends fan it foarjier?

Liesanna

Kyra

Marjon

Future Flow

Tekst: Anna Marije Bloem, byld: Harmen Meinsma

I TECHNO

Hy makket al fjouwer jier techno en stiet op poadia yn Dútslân, Amearika en Japan. Dochs waard er no pas nominearre foar de Fryske Poppriis yn de kategory oankommend (!) talint. Rint Fryslân no sa fier achter of is Boris Bunnik alias Conforce sa fier foarút? LinKke fraach…

Doe't er it berjocht fan de Fryske poppriis krige, koe er syn laitsjen net ynhâlde. Oankommend talint? Hy wie krekt frege foar in konsert yn New York en toerde dêrfoar al in wike troch Japan! 'Tsja, die nominatie voelde als een belediging. Ik was ook nog eens samen met Delta Funktionen, andere techno-artiesten, genomineerd. De prijs had ik dus, als ik had gewonnen, ook nog moeten delen! Het lijkt erop dat wij als technoproducers niet als volwaardig gezien worden.' In oanfluiting neffens Boris. Hy beslút net nei de priisútrikking te gean. Uteinlik kriget de Fryske technoscene de priis ek noch net iens. De Rockabillyband De Hûnekop giet der mei fan troch.

Boris Bunnik (24) komt fan Skylge en draaide dêr as bybaantsje plaatsjes foar toeristen. Hy draaide net de muzyk dy't er sels leuk fûn, mar wat de minsken hearre woenen. 'Op een eiland is het sowieso moeilijk om kennis te maken met andere muziek dan wat op dat moment populair is. Ik hoorde voor het eerst rave-muziek toen mijn vader er een casettebandje van vond en het aan me gaf.' Nei de ûntdekking fan rave-muzyk wol Boris mear witte fan elektroanyske muzyk. By techno bliuwt er hingjen.

Wat is techno?

Lestige fraach, fynt Conforce. 'Techno is in Nederland niet heel populair, de commerciële muziek maakt hier voornamelijk de dienst uit.' Yn Japan is dat oars. Dêr hâlde de minsken safolle fan technology, dat se ek de muzyk dy't dêrby heart moai fine. Mar hoe omskriuwt in techno-artyst syn eigen muzyk? Boris: 'Techno is donkere, hypnotiserende nachtmuziek. Een onmoeting tussen mens en machine.' Hmm, ris sjen wat Wikipedia der fan seit: Techno is een elektronische muziekstijl die het levenslicht zag in de jaren zeventig bla bla bla. Sels belústerje kin op You Tube.

En Fryske techno?

'Friese techno floreert', stie der in skoftke lyn op in muzyksite. Is der dan ek noch soksawat as Fryske techno? Sekers! 'Samen met een klein groepje Friese artiesten hebben we een eigen sound ontwikkeld. Friese techno is meestal diep en sferisch', fertelt Boris. Dat dy Fryske techno de hiele wrâld oer gean soe, hie er sels ek net ferwachte. Boris syn artystenamme is Conforce en ûnder dy namme is hy wrâldferneamd. Yn Nederlân is hy allinne noch net sa bekend. 'Ik weet dat deze muziek in Nederland niet verkoopt, maar ik wil muziek maken die ik zelf cool vind en die bij me past. En als je dan wordt gevraagd om je kunstje in New York te vertonen, is dat een droom die uitkomt.'

Mear ynfo fynst op borisbunnik.com

Tekst: Atsje de Vries; byld: Michel Mees

Stacy

Tekst en ûntwerp: Jacqueline Cuperus

iPad www.fter-side.nl 7:33 PM 91%

Fter-side

oer games, muzyk en films en sa

Tekst: Marrit de Schiffart



NIJ FOEFKE GOOGLE

Google hat der wer in nij 'keunstke' by. Letterlik en figuerlik in keunstke, want nei Google Earth en StreetView, is der no Google Art. Tenei kinne wy fan achter ús byldskerm by ferneamde musea nei binnen en troch de ferskillende sealen kuierje. Ek ús eigen Rijksmuseum en it Van Gogh Museum binne te besjen op Google Art. Yn elk museum is hieltyd ien keunstwurk ekstra goed te besjen yn in ekstreem hege resolúsje. Elke spot verve wurdt dan tûzen kear fergrutte. Meisto riede hokker skilder boppesteande eagen skildere hat...

SWIMME MEI MICHAEL PHELPS

Yn juny ferskynt der in swimgame mei de namme: Michael Phelps – Push The Limit. It is in kinect game foar de Xbox 360. Mei help fan de bewegingsgefoelige bestjoering fan Kinect moatte spilers sa goed mooglik swimslaggen neidwaan. De Olympyske swimkampioen Michael Phelps jout dêrby tips en trúks. It úteinlike doel is om fan Michael Phelps te winnen en sels swimkampioen te wurden. Neffens de makkers is de game net in echte fideogame, mar just in fysyk en yntinsyf spultsje. Machtich moai fansels, mar ik sjoch mysels noch net plat op 'e bûk op tafel lizzen om de skoalslach te dwaan...



DE FAVORYT FAN...

ELBRICH SCHOORSTRA, DOCKINGA KOLLEEZJE DOKKUM

'Myn favorite spultsje is Time hollow foar de ds. It is in Japans spultsje oerset nei it Ingelsk. Ik fyn it super fanwege de moaie animaasjes, tekeningen en de spannende muzyk, mar ek it ferhaal is prachtich. Do spilest de haadpersoan, Ethan, dy't op in moarntiid in mysterieuze pinne fynt op syn keamer dêr't hy diminsjegatten mei iepenje kin. Troch dy diminsjegatten kin hy it ferline feroarje, wêrtroch't hy der bygelyks ûngemakken mei foarkomme kin. Sa moat hy syn freonen en famylje rêde en komt hy der achter wat der bard is mei syn âlden, dy't op de dei dat er dy pinne fûn, dea blieken te wêzen. It is in hiel moai ferhaal, fuort yn it begjin al. Der komme ek filmkes yn foar dy't moai makke binne. It is wol in spultsje dêr'tst in protte yn lêze moatst, dêr moatst fan hâlde. Mar Time Hollow is seker in oanrieder!'



NIJ ALBUM BRUNO MARS

As muzykskriuwer holp Bruno Mars al in hiel soad artysten nei de top fan de hitparades. Mar yn 2010 hearden wy Bruno syn eigen stim ek hieltyd troch de boksen skalmjen. 'Just the way you are' en 'Grenade' wienen hearlike nûmers. No is der dan ek it debútalbum 'Doo-wops & hooligans'. Ek dêrop steane wer wûndermoaie pop- en R&B ferskes. You go Bruno! Wy sjonge mei!

Antwurd: Dit is in detail út Rembrandt van Rijn syn bekende skilderij De Nachtwacht

KATY PERRY IS SMURFIN

Einliks witte wy wêrom't Katy Perry mei blau hier op de MTV Movie Awards ferskynde. Se sollisitearre nei in baan as smurf! De sjongeres sprekt de teksten fan Smurfin yn foar de nije animaasjefilm The Smurfs. Katy hie net folle muoite mei dy rol, want yn it gewoane libben fielt se har ek faak in stripfiguer. It fielde dus hiel natuerlik om smurfin te spyljen. De stim fan Smurfin hie se ek al gau yn 'e macht. Neffens de sjongeres is it in miks fan har eigen stim en in bernestimke. The Smurfs draait fan 't simmer yn 'e bios.